

Elke kear as timmerman Folkert van der Werff fertelde oer de dei dat er fan de steiger foel, kaam der in meter by. Soks makket immen neffens Douwe de Bildt ta in ferteller. Ta in echte ferteller. De moaiste Jorwerter ferhalen samle er yn *De Jorwerter Dweilstikken*.

Sietse de Vries



Douwe de Bildt thús yn Jorwert: „De Carmiggeltiid is foarby.”  
FOTO HOGÉ NOORDEN/JACOB VAN ESSEN

**D**ouwe de Bildt (1952) wennet oan de râne fan Jorwert yn in âld hús efter de tsjerke. Oait wennen der trije arbeidershúshâldingen. In auto kin der net komme, in smel paad fan Fryske gieltsjes liedt nei de foardoar. De keuken oan de efterkant fan it hús sjocht út op âld boerelân mei bochtsjende sleatsjes en readbûnte kij. Doarpsker sil men it fuort net fine. Gjin niget dat buorman Geert Mak - syn hús stiet skean foar dat fan De Bildt - yn de jierren njoggentich fan de foarige iuw krekt Jorwert útsocht om de feroaringen op it Fryske plattelân oan op te hingjen.

Jorwert mei dan syn grutte leafde wêze, fan hús út is er in stedsjonge. Syn bernetiid brocht Douwe troch yn Boalsert en Ljouwert, heit en mem praten stedsk thús. Mar om't heit learaar wie en mem in drogisterij hie, wie er troch de wike altyd by pake en beppe yn de Aksterstrjitte yn Ljouwert. Pake prate Bildts, beppe Frysk.

**PAKE**

Dat De Bildt - jierrenlang in fêste wearde yn it Jorwert iepenloftspul - net allinne ferhalen fan oaren moai opskriuwe kin, mar sels ek graach fertelt, docht bliken as er oer syn pake begjint. „Us pake wie it Bilt ûntflechte doe't er postrinner by de PTT wurde koe. Oan syn tiid as arbeider op it Bilt hie er in ferskriklike hekel oan grutte boeren oerholden. Alle kearen as er by de pleats fan De Wassenaars krekt boppe Ljouwert lâns fytste - dy wiene fan it Bilt nei Jelsum ferhuzen om't it de arbeiders dêr gesechliker wiene - spuide er op de homeie en sei er: 'Daar kring.' As jonkje snapte ik dêr neat fan.”

„Yn de Aksterstrjitte seach er de grifformearde ûnderweis nei de Pelikaantsjerke sneins twa kear foarbykommen. 'Eerste loop' joech er moarns as kommentaar, de middeis folge troch: 'Tweede loop'. Yn de erker fan de foarkeamer stie er nei it folk te sjen. 'Nou mot het regenen' wie syn oare fêste sechje.”

Frysk prate koe er al doe't er op de ulo yn Ljouwert befreone rekke mei Sybren Adema út Jorwert. Oft er simmerdeis net ris helpe woe op de pleats fan Sybren syn heit en mem, koe er in pear sinten ferstjinje. Dat like Douwe wol wat, hielendal doe't er fernaam dat er op 'e trekker ride mocht. „Ik wie 16. Se hiene trije trekkers: Güldners. Mei hânfersnelling, dy hiest normaal allinne yn lûkse auto's. Ik fielde my *king of the road*.”

In pear jier letter giene syn heit en mem earst by elkoar wei, mar letter besleaten se om it dochs wer mei elkoar te besykjen. „Ik tocht: dat dogge se dan mar sûnder my. It is ek neat wurden. De heit fan Sybren sei tsjin my dat der krekt in nije dûmny yn Jorwert wie - in jonge fint fan 23 jier - dy't allinne mei syn frou yn dy hiele grutte pastorij wenne. Miskien dat ik dêr wol in keammerke hie koe.”

De dûmny ferwiisde him troch nei de tsjerkerie. Gais Meinsma fan de tsjerkeried koe er al, dy fûn, it moast mar oangean. Dat se yn Jorwert de frijsinnige kant it neist wiene, waard net folle letter dúdlik doe't Douwe it ferneamde PSP-affysje mei it neakene frommes en de ko foar it rút hong. Oft dat wol koe, woe in tsjerkegonger witte. De tsjerkerie fergadere der oer en kaam ta de konklúzje: dat koe.

**ONBEWOONBAAR**

Douwe de Bildt hat in goed jier yn de pastorij wenne, doe wie er samar ynienen eigner fan in hús yn Jorwert. It begûn mei ferfer Hendrik Meinsma dy't him lokwinske mei syn nije hús. Doe't Douwe ûntkende dat er in nij hús hie, wedde Meinsma om in fles bearenburch dat er dat al wie.

Dyselde deis moast er by notaris Sjoerd van der Hem komme. Dy hold him in papier foar mei de opdracht: 'Lêze en - ast it dermei iens bist - tekenje'.

It gie om it húske fan de hûndertjierrige beppe Sjouk oan de Jaenbuorren. Se soe nei in oar, wat geryfliker hús yn Jorwert. De nor-

# Allegear soarten minsken en twa notabelen

male gong fan saken wie, dat sa'n húske it predikaat 'onbewoonbaar verklaarde woning' krige en ôfbrutsen waard. De gemeente krige dêrnei it rjocht om earne oars in nij hús sette te litten. Yn de gemeente Baarderadiel waarden - sa wie de regel - alle nije huzen yn Mantgum boud. Net yn Jorwert dus. Dat wie Van der Hem min nei't sin.

Douwe liende 1000 gûne fan syn mem om it húske te keapjen en liet it wat opknappe troch Hendrik Meinsma. Pas in jier letter moast er wer by de notaris komme. Dy hie de akte in jier lang yn in laad lizze litten, dat it ritueel fan it passearjen moast noch altyd plak fine. In net ûnbelangrike bykomstichheid wie, dat it húske - om't al wer in jier troch in nije eigner bewenne waard - net mear 'onbewoonbaar' ferklearre wurde koe.

**YNFLOKT**

Hy troude en wenne in skoft yn in oar hús yn Jorwert. Doe't dat nei de komst fan twa bern te lyts waard en der op dat stuit gjin huzen yn Jorwert te keap stiene, ferfardere er nei it Mantgumer Húske oan De Swette. It wie ticht genôch by Jorwert om geregeld it kafee op te sykjen en om mei te dwaan oan it iepenloftspul.

Nei't syn houlik op 'e non rûn wie, koe er gjin hús, mar wol in boukavel yn Jorwert keapje. Doe't er nei fiif, seis jier in relaasje mei Karen - no syn frou - krige is er by har ynlytsen en hat de tsjerkerie syn nij boude hús kocht foar de nije dûmny. „Dat hús is goed yn-flokt”, seine de Jorwerters doe't se derfan hearden.



**Titel: De Jorwerter Dweilstikken. Skriuwer: Douwe de Bildt. Utjouwer: Bormmeer. Priis: 15 euro (160 siden).**

Al dy jierren dat De Bildt yn en krekt bûten Jorwert wenne, wie der skoalmaster yn Easterwierrum. Seis jier lyn is er nei eigen sizzen fêstrûn yn de managerskultuer dêr en hat er - „it hat my klauwenfol jild koste, mar dat hie'k der graach foaroe” - syn pinsjoen nei foaren helle.

Yn 2005 waard er yn de redaksje fan doarsprkante *De Hiele Toer* frege. Sûnt skriuwt er foar elke nûmer - seis kear yn it jier - ûnder de kop *De Jorwerter Dweilstikken* in sterk ferhaal. Hast al dy ferhalen tekene er op yn de jierren dat in pear kear wyks yn kafee Het Wapen van Baarderadeel kaam.

Yn de ferhalen beskriuwt er hoe't de Jorwerters noch net sa lang lyn

geregeld it libben yn it doarp en de grutte wrâld mei elkoar oan de stamtafel besprutsen. En hoe't notaris jûns let ek noch eefkes oanskode om op 'e hichte te bliuwen.

Wat moaier it ferhaal, wat faker it op it aljemint kaam en wat sterker it waard. 'Het was de herhaling die herkenning bood, die het vertellen herschiep tot een rituele handeling die de gemeenschap samenbond', skriuwt Geert Mak yn syn neiwurd.

**FERTELKEUNST**

De Bildt hâldt fan in moai ferhaal, mar like sterk as syn leafde foar de fertelkeunst is de leafde foar Jorwert. Wat makket Jorwert sa bysûnder foar him?

De Bildt: „De minsken. As ik oanriden kom en de tsjerketoeer sjoch, makket my dat bliid. Mar noch folle belangriker as de huzen binne de minsken dy't sa bepalend west hawwe foar hoe't myn libben ferrûn is. Ik sit de lêste jierren geregeld te skilderjen en ik skilderje hast altyd Jorwert.”

„Ik bin hjir troch it tafal telâne kommen. Pas letter haw ik ûntdutsen wat Jorwert sa bysûnder makket. It is oars as de oare doarpen yn 'e omkriten. Hilaard wie hartstikke fyn, Easterwierrum roomsk, Mantgum wie mei al dy rintinerende boeren en dat gemeentepersoniel liberaal, Baard wie read. Jorwert wie in miks. In miks fan allegear soarten minsken en twa notabelen: de notaris en de dûmny.”

„It moaie fan Jorwert is dat je der maklik opnommen wurde. As der

yn Earsterwierrum in hús te keap kaam, waard dat meast kocht troch ien fan de grutte roomske famyljes mei alve of tolve bern. Jorwert wie folle iepener.”

De politike diskusjes koene mei sa'n ferskaat oan minsken soms heech oprinne. De Bildt wit noch hoe't er him by de notaris thús - hy wie befreone mei soan Gjaltris goed úttjirge oer Hans Wiegel. „Ik wie jong en bluiserich, ik wist presys hoe't it siet en wat der net doogde oan Wiegel. De notaris hearde er it eefkes oan en doe sei er: 'No giest troch dy doar nei achteren, dêr is in trepke, dêr giest sitten en dan hâldst dy fiif minuten stil. En ast werom komst, nimme wy noch in slokje'. Dat diest dan.”

De ferhalen yn *De Jorwerter Dweilstikken* binne sterk, it oantal slokjes dat achteroelein wurde is net te tellen. De Bildt jout ta dat ek dêr de oerdriuwing ûnder it skriuwen gauris taslein hat, oars hie der it nei alle gedachten net neifertelle kinnen.

Ek moat er tajaan dat de Jorwerters hjoeddedei minder faak yn Het Wapen fan Baarderadeel komme as eartiids. Der hawwe wol tiden west dat De Bildt der hast alle jûnen wol eefkes seach, mar dat is al lang net mear sa. „De Carmiggeltiid is foarby.”

Se sitte noch wolris om 'e stamtafel en der wurdt noch wolris in sterk ferhaal ferteld, mar folle minder as it wol west hat. „Ik kom freedtejûns te biljerten. Dan is it stil. Der binne twa oan it spyljen, de oaren sitte op it mobyltsje te sjen.”

“It moaie fan Jorwert is dat je der maklik opnommen wurde